



# De Doarpskille

Novimber **168** Nûmer 5/ 2014  
Fjouwerentrichste Jiergong

## Redaksje:

Baudy Cuperus-Sijtsma  
Grienerwei 34  
Tel. 242048  
[baudycuperus@knid.nl](mailto:baudycuperus@knid.nl)

Dieta Holwerda  
(Lay-out)  
Langgrouterwei 12  
Tel. 242212  
[dieta@knid.nl](mailto:dieta@knid.nl)

Pieter Hoogland  
De Lyts Ein 37  
Tel. 241284  
[info@hooglandverhuur.nl](mailto:info@hooglandverhuur.nl)

Tineke Slager–Groenewoud  
(Administraasje)  
De Lyts Ein 2  
Tel. 242020  
[doarpskille@hotmail.com](mailto:doarpskille@hotmail.com)

Anneke Weidenaar-  
Bergema  
(Boargerlike Stân)  
Langgrouterwei 23  
Tel. 242148  
[anneke.weidenaar@gmail.com](mailto:anneke.weidenaar@gmail.com)

Bankrek. nr.  
NL32 RABO 03461.40.293

## Yn dizze skille û.o.:

Ferslaggen fan: UDI

- Doarps hûs de Terp
- Protestantse Kerk
- Knutselclub
- Intocht Sinterklaas
- Doarpsbelang
- In foto út it argyf
- Nijtsjerkster Skriuwers
- Bedrijf in beeld
- Op 'e kofje by
- Sis mar Pyt

## Fan 'e redaksje

Stormachtig

Vorig jaar was iedereen in november druk bezig om de gevolgen van de oktoberstorm te herstellen.

Ook dit jaar verloopt deze periode stormachtig, getuige het feit dat sommige mensen het nodig vinden om het sinterklaasfeest als onderwerp van discussie te nemen en dit op een heftige wijze proberen uit te dragen.

-->

Ikzelf vond de manier waarop Herman Pleij, in het programma Pauw, deze traditie analyseerde ijssterk. Voor wie deze uitzending terug zou willen kijken, deze was op 11 november j.l.

In ieder geval was de intocht van Sinterklaas in ons dorp weer een zeer feestelijke gebeurtenis, een verslag hiervan staat natuurlijk in deze skille.

Bovendien vindt u volop informatie over alle activiteiten voor de komende maanden.

We hadden 1 november een bijzonder feestje, de OCO, vierde zijn 25-jarig bestaan. Enkele ondernemers zijn vanaf het begin al van de partij, zij werden dan ook even speciaal in het zonnetje gezet. Het is vaker gezegd, maar ik denk dat we heel trots mogen zijn op alle ondernemers in Oosternijkerk. Een school en een actief bedrijfsleven vormen de pijlers van een bruisend dorp.

PJH

Wy binne stipe troch de buertferiening Mounewei. Tige tank.

---

## QR code

Een **QR code** is een **code** en wanneer je die **scant** met een **speciale app** op je mobiele telefoon kom je op een **site** terecht! In dit geval is het de site van Oosternijkerk. Je kunt deze code scannen met de app QR code reader.

Anke Jensma



---

## Ingekomen mededelingen:

Overleden

Catharina de Bruin Blom geboren 31-10-1934

25 jaar gewoond hebbende in Oosternijkerk bij de Vaart J 53

overleden 24-9-2014 in Emmen

begraven op dinsdag 30 september in Oosternijkerk

K. de Bruin

Kalvermaat 6

7963 ct Ruinen

\*\*\*

Wij willen een ieder graag bedanken die onze moeder Hetje Dijkstra Brandsma bezochten tijdens haar verblijf in de diverse verzorgingshuizen. Dank ook voor de kaartjes op haar verjaardag en met kerst en oud en nieuw. Heel vaak was er dan weer herkenning vanuit het verleden die weer boven kwam.

Fam. Dijkstra

Op 1 novimber jl. lei de reade looper út foar de yngong fan Doarpshûs de Terp. In grut tal ûndernimmers rûn d'r oer hinne, want d'r wie wat te fieren. De Ondernemers Club Oosternijkerk bestie nammentlik 25 jier.

By it ynkommen waarden alle gasten op'e foto set en krigen in smaaklik ljocht alkohoalysk wolkomstdrankje.

Ûnder it genot fan in bakje kofje mei oranjekoeke iepene foarsitter Anne van der Heide de feestjûn. Theunis Faber sr. – hy siet yn it oprjochtingsbestjoer – krige dêrnei it wurd en fertelde oer it ûntstien fan de OCO. De akte waard tekene op 23 oktober 1989. Doetiids wienen d'r sa'n 30 leden, mar wiene d'r ek in oantal boeren oanslúten by de OCO. Op dit stuit binne d'r 33 leden en bin de boeren gjin lid mear fan de OCO. De groei sit d'r noch steeds yn en dat is yn dizze tiid posityf te neamen.

In jubileum kin net sûnder jubilarissen en dy wienen d'r ek. In oantal bedriuwen is al sûnt de oprjochting lid en sy waarden yn it sintsje set, se krigen in oarkonde en in bosk blommen. It giet om Faber Installatietechniek, Faber Bloementransport, Kapsalon Geartsje, Bouwbedrijf Holwerda, Van Kammen Tenten & Catering, Autorijschool Kuiper en Piet de Boer.

De ôfrûne tiid krigen de measte ûndernimmers ûnferwachts besite fan Janneke Weidenaar, sy liet de kamera draaie en stelde yntusken de moaiste fragen. Dit levere moaie stikjes film op dy't yn de trant fan Hea montear binne mei bypassende muzykjes. De film waard goed ûntfongen troch de oanwêzigen en Janneke waard betanke foar har ynset.

Dêrnei koe it feest echt begjinne, Pieter Hiemstra hie syn muzykynstallaasje al ynstalleard en de fuotten koenen fan de flier.

Eltsenien koe in hapke en in snapke krije en efkes byprate, d'r wiene ek in tal âld-leden oanwêzich.

Doarpshûs de Terp hie de seal moai oanklaaid en soarge dat it de gasten oan neat ûntbruts, tige tank dêrfoar!

We kin weromsjen op in gesellige en slagge jûn!





# Brassband UDI

Hjir wer in stikje oer UDI. Dit kear kinne wy jo bliid meitsje mei allegear goed nijs. De ôfrûne moannen wiene drok, mar ús hurde wurk is beleane. Ús learlingen hawwe allegear harren eksamen posityf ôfsletten. Mei prachtige punten en in diploma mochten se allengjir de tsjerke fan Bitgummermole ferlitte. Wy binne grutsk dat alle njoggen learlingenharren eksamen helle hawwe. Binne jo benijd nei de punten? Sjuch dan efkes op ús website.

Doe stiene de Nederlânske Brassband Kampioenskippen foar de doar. Nei in muzikaal en foaral gesellich stúdzjewykein, koenen wy sizze dat we stappen de goede kant op makke hiene. Op 18 oktober hiene wy ús earste try-out yn Ferwert. Hjir koenen wy efkes oefenje. Mei in soad publyk yn'e seal hawwe wy it stik spiele, krekt as wie it it NBK. Op freed 24 oktober hawwe wy dit nochris dien, mar dan yn Burdaard. It gie miskien net perfekt, mar ek seker net min. In wike letter wie it safier. Moarns om 9 oere stie de bus foar it doarpshûs. Fia Ternaard en Blije binne wy mei in bus fol nei Utrecht set. Krekt foar 12 oere kamen wy Tivoli Vredenburg yn rinnen. Oare jirren wie it NBK altyd yn Grins, it wie dus wol allengear efkes wenne. Al snel krigen wy te hearren dat wy al as 2<sup>o</sup> band spielje moasten. Spannend!

Wy sieten op it poadium, spielen ús stik en hiene allegear een glim fan ear oant ear doe't wy klear wienen. Wy hienen in hiel goed gefoel oer ús prestaasje. Dat mocht ek. Om een oer as healwei alven wie de útslach. Senuweftich sieten wy yn de seal. We hearden dat we 88 punten behelle hienen, dat wie goed foar in 3<sup>o</sup> plak! Wy ha mei hiel UDI hast lûder raast dan Eemsmond, dy't de earste priis behellen. Wy binne tredde wurden fan Nederlân yn ús divisje en dat mocht wol fiert wurde. De tiisdeis nei it NBK hawwe wy it mei ús allen efkes fiert. Wy wolle elkenien betankje foar de moaie reaksjes dy't wy krigen hawwe; de sang dy't foar ús song, de berichten op facebook en de reaksjes dy't wy yn it doarp kriigen, geweldich.

Mar no moatte wy wer troch. Nije muzyk op de stander, Krystmusyk. Op snein 21 december sille wy ús 'Krystkonsert' hâlde. Dit jier sil dit hielendal oars wurde dan oare jierren. Yn gearwurking mei Bote Holwerda en Reinder Tolsma belooft it in prachtige middei te wurden, wêrby geselligens en sfeer de oerhân hawwe sille. Wy sille jo mei nimme yn ús Krystferhaal en net yn ús konsert. In konsert troch it doarp en foar it doarp. Wy hoopje jo allegear by ús Krystferhaal te sjen foar in smûke middei.

Rinskje



VERENIGING  
VOOR DORPSBELANGEN  
OOSTERNIJKERK

### **Dumpen huisvuil**

We krijgen de laatste maanden signalen over het dumpen van afval. Het achterlaten van zakken huisvuil in de dorpsbosjes bijvoorbeeld, autobanden achterlaten op plaatsen waar dit niet hoort of grofvuil achterlaten bij bietenopslagplaatsen. Wij vinden dit beschamend. Bij deze dan ook een oproep aan iedereen om oren en ogen open te houden en een klein beetje sociale controle te houden.

Indien u dit soort zaken ziet, meldt dit dan aub bij een bestuurslid van het dorpsbelang of spreek uw dorpsgenoten hierop aan!

### **Kerstbomeninzameling:**

De gemeente wil dit jaar op een nieuwe wijze de kerstbomen inzamelen. Vroeger haalde de gemeente de bomen huis-aan-huis op, maar de praktijk wees uit dat veel bomen in de afvalcontainers terecht kwamen. Dit jaar komen er daarom inzamelpunten in de meeste dorpen.

Op woensdag **7 januari 2015** kunnen de kerstbomen ingeleverd tussen **13:00 -16:00 uur aan de Fiver in Oosternijkerk**. Er zal die middag iemand van het dorpsbelang aanwezig zijn om de kerstbomen te verzamelen.

Voor elke ingeleverde boom krijgt je 1 lootje en 1 waardebon van € 0,50. De waardebonnen kunnen ingeleverd tot 1 februari 2015 bij Top 1 Toys in Dokkum. De loten hebben een nummer, waarop op 9 januari een trekking plaatsvindt. In de loterij worden geldprijzen verloot: 1e prijs € 75,00, 2e prijs € 50,00 en 3e prijs € 25,00. Wij als dorpsbelang ondersteunen deze actie. Het is een goed initiatief, waarbij we rekenen op de hulp en actieve inzet van de jeugd van de basisschool om zoveel mogelijk bomen naar de Fiver de brengen.

### **Onrust op het gebied van huurwoningen en zorg**

Zoals u misschien al gevolgd heeft in het landelijke nieuws, in de Leeuwarder Courant of misschien uit uw naaste omgeving is er veel onrust op het gebied van de zorg en welzijn. Er wordt veel bezuinigd en de uitvoering van de zorg komt te liggen bij de gemeenten ipv bij de landelijke overheid. Dit beleid heeft grote gevolgen, er zal dan ook veel veranderen met ingang van volgend jaar.

Naast de zorg zijn wij als dorpsbelang ook verontrust over de plannen van Thus Wonen. Thus Wonen wil in Oosternijkerk op termijn maar liefst 38 van de 50 huurwoningen afstoten (verkopen) of slopen. Redenen hiervoor zijn o.a.: forse investeringen in onderhoud op termijn en de krimp in de gehele regio.

Wij als dorpsbelang maken ons hard voor behoud van huurwoningen in ons dorp, want wij vinden de plannen van Thus Wonen buiten proportioneel en daarom niet acceptabel. Er is krimp in de regio waarin we wonen. Maar Oosternijkerk is daarentegen juist een dorp, waarin het aantal inwoners de laatst jaren is gegroeid. Wij zijn een levendig dorp, met veel jonge gezinnen, betrokken ondernemers en een actief verenigingsleven. Wij zijn daarom met een groepje mensen uit ons dorp plannen aan het ontwikkelen voor wonen, zorg en welzijn in Oosternijkerk.

Wij zullen de komende tijd in gesprek gaan met Thus Wonen, de gemeente en met de huurdersvereniging om hier onze standpunten te bespreken.

Er staan inmiddels 2 seniorenwoningen leeg. Deze zijn gewoon te huur. Laat u niet door het beleid van Thus Wonen ontmoedigen, maar schrijf u gewoon voor deze woningen in. We moeten de vraag die er is namenlijk wel kenbaar maken.

Zoals eerder gezegd verandert er met ingang van het nieuwe jaar vrandert er veel in de zorg. Misschien dat dit ook voor u gevolgen heeft.


Als u wilt weten wat er voor u mogelijk is dan kunt u contact opnemen met de **“mienskipswurker” Reina Hes**. Reina stimuleert en ondersteunt inwoners en organisaties op sociaal gebied.

**Reina Hes, Mienskipswurker**  
**Telefoon 06-49238814**

Mocht u minder of geen thuiszorg meer krijgen dan kunt u voor bepaalde zaken misschien gebruik maken van de BurenhulpDienst. Antje Kuiper is in Oosternijkerk de coördinator van de BurenhulpDienst.

U kunt denken aan:

- Kleine klusjes in en om huis
- Vervoer naar bijvoorbeeld ziekenhuis of dokter
- Hulp bij het doen van de boodschappen



Hoe schakelt u de burenhulp in? Dit kan rechtstreeks via Antje of u belt het Centraal Meldpunt te Dokkum (tel: 0519-292223) Dit meldpunt noteert uw hulpaanvraag en geeft die door aan de contactpersoon in uw dorp. Deze zoekt een vrijwilliger die de door u gevraagde hulp kan verlenen.

De hulp die geboden wordt is gratis. Alleen de kosten die de vrijwilliger moet maken, moeten worden vergoed (kosten voor vervoer, materiaalkosten tijdens het klussen etc.).

Het Centraal Meldpunt is van maandag tot en met vrijdag te bereiken van 8:30- 12:30 uur en van 13:00- 17.00 uur op het telefoonnummer 0519-292223.





### **fan it kollege fan behear**

It kollege hat ek dit jier wer dwaande west mei in tal saken de beide tsjerken oangeande. Neidat de St. Cecilia in flinke opknabbeurt hân hie is de tsjerke skjinmakke mei help fan frijwilligers en dat wie fansels ek wol nédich nei al it timmerjen en skjirjen. Foardat de himmelploech los koe is de tsjerke earst klearmakke. Sa soe d'r nij guod oer de flier komme en moast dus earst de âlde flierbedekking d'r út helle wurde. De kandelaren binne nei beneden helle en út elkoar skroeve. Alles wie klear, it koe heve. D'r is wer flink poetst en himmele. Sels de glêstroeden binne poetst. Dat hat noch in hiel kerwei west, mar mei in spesjale poetsmasjine is it slagge. De rúten moatte fansels ek skjin makke wurde en dan is d'r altyd wer de fraach, hoe dienen we dat ek alwer? Lokkich binne d'r dan in pear manlju dy't der mei rêde. Net alhiel sûnder gefaar wurde de rúten wer skjinmakke mei de ien of oare nijerwetse doek. Spûns en lear komme d'r net mear oan te pas. Mei-inoar is it samar dien en yn in moarnsskoft wie de tsjerke skjin. Doe koe de nije flierbedekking d'r yn. It risseltaat fan alle ynspanningen mocht besjen lije, de tsjerke wie opknapt. Fan't simmer hat de toer fan dizze tsjerke ek noch in skoft yn de steigers stien. De toer is alhiel op 'e nij foege. Mar omdat de toer yn hannen fan de gemeente Dongeradiel is, hat it kollege har dêr net mei dwaande hâlden. Wol wie d'r no in kâns om ris boppe op de toer te klimmen en Nijtsjerk en omkriten te sjen. Guon minsken ha dit dien, wêr ûnder de skriuwer fan dit stikje. It wie even in bytsje spannend om by al dy lytse trepkes omheech te gean, mar it wie de muoite wurdich. In prachtich útsicht.

Mei koarten skine d'r wer in pear lampen op de tsjerke en dat soarget dan, no dan fanôf de grûn, foar in moai plaatsje midden yn it doarp. De St. Cecilia kin wer in skofke foarút.

It kollege



*Foto's út de toer wei naam troch Foppe Heeringa*





### Nieuws uit Dorpshuis de Terp

Alweer een tijd geleden dat er een update in de Skille is gekomen met de laatste nieuwtjes over Dorpshuis de Terp.

### Werkzaamheden

Er is het nodige gebeurd de afgelopen maanden, misschien heeft een aantal van u het al gezien, er is een compleet nieuwe keuken geplaatst. De oude keuken was sterk verouderd, daarbij was er een wens voor een grote koel- en vriescel, als je dan toch begint te slopen.... Inmiddels zijn zowel de koel- en vriescel als de nieuwe keuken in gebruik en het bevalt prima! De snacks smaken geweldig uit de nieuwe ovens!

Om te vieren dat de nieuwe keuken in gebruik genomen is was er 8 november een snackactie, alle snacks voor de helft van de prijs! Hier werd gretig gebruik van gemaakt door de dorpsbewoners. Het keukenpersoneel heeft een erg drukke dag gehad maar alles liep op rolletjes!

Voor een kleine impressie hieronder een aantal foto's van de nieuwe keuken, we hopen er met zijn allen vele jaren plezier van te hebben.

Ook de kelder heeft een ware metamorfose ondergaan, een aantal vrijwilligers is aan de slag





gegaan om de kelder weer enigszins toonbaar te maken; schilderen, een nieuwe vloer en een opbergruimte voor de stoelen e.d. aan alles is gedacht. Bij het verschijnen van deze Skille zullen de werkzaamheden inmiddels zijn afgerond, mocht u nieuwsgierig zijn neem dan gerust eens een kijkje onder het podium.

## **Activiteiten**

Op vrijdag 14 november stond er een playbackshow op het programma, de presentator, jury, licht en geluid waren geregeld alleen bleef het rondom de aanmeldingen akelig stil. We hebben als bestuur helaas moeten besluiten de playbackshow niet door te laten gaan, we hopen in 2015 op een knallende show met veel deelnemers!

Vrijdag 21 november is er een Bingo georganiseerd. Voor jong en oud blijft dit natuurlijk een spannend spel.

Voor de wijnliefhebbers is er op vrijdag 28 november een wijnproeverij gehouden. Grote kans dat er tijdens de feestdagen hier een daar een fijne wijn geschonken worden. De proeverij werd gegeven door Wijnhuis Machiel uit Surhuisterveen.

En dan is het alweer december...De laatste maand van 2014.  
**Op 6 december zijn de bar en keuken vanaf 19.30uur gesloten, dit i.v.m. een besloten feest.**

Voor de rest staan de gebruikelijke activiteiten op het programma.

\* 30 december Maatkaarten

\* 1 januari nieuwjaarsnacht is iedereen weer van harte welkom om elkaar een gelukkig Nieuwjaar te wensen, de deuren openen na het dorpsvuurwerk.

## **Oproep**

Lijkt het u leuk om ook eens een bardienst te draaien in het dorpshuis? Of vind u het leuk om zo nu en dan een ochtend te komen schoonmaken? We zijn nog steeds op zoek naar vrijwilligers. Een vrijwilliger kan zelf aangeven hoe vaak hij/zij beschikbaar is. Hoe meer mensen zich aanmelden, hoe minder vaak u dienst hebt. In januari komt er een bestuurslid bij u langs met de vraag of er gezinsleden zijn die zich aan willen melden als vrijwilliger, het is een erg leuke manier om dorpsgenoten te ontmoeten en tegelijk wat te doen voor het dorp(shuis).Het bestuurslid zal ook komen vragen om donateur

te worden, er zijn al veel mensen donateur van Dorpshuis de Terp maar meer zijn natuurlijk altijd welkom.

Denk er eens rustig over na, mochten er vragen zijn dan kunt u terecht bij één van onderstaande bestuursleden of u stuurt een mailtje naar [dorpshuisdeterp@hotmail.com](mailto:dorpshuisdeterp@hotmail.com). Dit geldt natuurlijk ook als u opmerkingen of leuke ideeën hebt. Wij horen het graag.

André Beeksma (Voorzitter)

Louise van Ekelenburg (Secretaresse)

Teade Anne Holwerda

Geke Braaksma (Penningmeester)

Peet Kuiper

Mark Boersma

Sanne Faber

Voor de allerlaatste nieuwtjes, aankondigingen, foto's en meer zijn wij ook te volgen op Facebook of via Twitter, wij begrijpen heel goed dat niet iedereen op de hoogte is met de moderne technologieën dus blijven we natuurlijk ook gewoon doorgaan met het verspreiden van huis aan huis berichten.



## Vuurwerk Oudejaarsnacht!

---



Zoals de laatste jaren gebruikelijk willen we weer een groots vuurwerk houden midden in het dorp. Om dit mogelijk te kunnen maken vragen wij van u als dorpsbewoners een bijdrage.

Tussen 8 en 20 december komen vrijwilligers langs de deuren om de bijdrage op te halen. Met de opbrengsten hiervan hopen we weer een prachtig vuurwerk voor u af te steken.

Aanvang **00.45** bij dorpshuis de Terp.

Alvast bedankt voor uw bijdrage. Wij zien u graag bij de Terp om het nieuwe jaar samen flitsend te beginnen.

Jeugd Oosternijkerk

# NIJTSJERKSTER SKRIUWERS(4)



## Anne Jousma

(1900 Grins - 1981 De Haach)

### Syn wurk

Anne Jousma is al betiid begûn mei dichtsjen, op de kweekskoalle yn Grins makke hy syn earste sonnetten en guon dêrfan waarden publisearre yn it skoallekrantsje dêr't hy ien fan de redakteuren fan wie. Dat gie doe allegear yn it Nederlânsk fansels; de Fryske jonges praten Frysk ûnder inoar mar wat op papier kaam, ek de brieven en kaarten nei hûs, dat gie allegear yn it ABN. Mooglik syn earste gedicht gie oer de geur fan snert as de frou fan de konsjerzje, de man wenne yn it kweekskoallegebou, yn it lêste oere fan it moarnsskoft de hiele skoalle fulde:

### Sonnet op van twaalf tot één

*O, laatste uur, mij immer zoveel smarten barend,  
als 'k op de harde schoolbank stil en roerloos zat,  
't lichaamlijk oog gedwee op bord en  
boeken starend,  
terwijl 'k mijn geestesoog op snert  
gevestigd had.*

Jousma hat syn hiele libben troch gedichten makke, njoggen dicht-bundels hat er útjûn en yn it nei syn dea útjûne 'Samle Fersen' steane op 200 bledsiden samar 400 gedichten. Al mei al hat hy yn syn libben fêst tûzen gedichten skreaun.

*Hwerom't ik fersen skriuw? Ik soe't net witte!*

*Ik haw it altyd dien, ik kin't net litte.*

*Faeks hat it út noch yn gjin sin of doel;  
mar't moat! Ik kin't ienfâldich net forjitte.*



Anne Jousma yn 1922

Yn 1919 komt er werom yn Nijtsjerk fan syn kosthús yn Grins at er de kweekskoalle ôfsluten hat en 'voluntair' yn Mitselwier wurdt. Hy praat

wer geregeldwei mei syn âlde freon Jaap Hartmans en dy bringt him yn 'e kunde mei in nij tydskrift 'Frisia' (bestie sûnt 1917) en mei in nije feriening foar Friezen: De Jongfryske Mienskip. Dizze feriening fan jongeren woe op in moderne wize dichtsjen en skriuwe en harren poadium wie 'Frisia'. Troch it organisearjen fan gearkomsten, it ynstellen fan krite en it hâlden fan simmerkampen bygelyks op It Amelân waard besocht de (jonge) Friezen te mobilisearjen. Anne Jousma stjoerde guon gedichten op en de grutte lieder Douwe Kalma naam dy fuort op yn Frisia, dat wie yn de jiergong 1920. De ûnderwerpen wiene 'mythysk, romantysk en nasjonalistysk', sa't Anne Jousma yn 1965 (nei 50 jier JFM) sels skriuwt. It earste fers ferskynt fuort yn it earste nûmer fan 1920:

### **Bea**

*Nou't swart en tsjuster alles om my hinne  
Yn neare nacht fen drôve tinzen leit,  
Wylst bang it herte wachtet op 'e sinne  
En neat my 't kommen fen it ljocht foarseit,*

*Nou 'k treastleas gean troch winterdeade finne  
Wylst stil yn my in frjemd, tear langstme kleit,  
Rop ik ta Jo, ek fen myn hert de Heit;  
'k Stean yn myn smert sa iensum en allinne....*

Yn 1922 kaam der in nije redaksje en Kalma frege Jousma en Brolsma om dêr in sit yn te nimmen. Yn datselde jier kaam der lykwols in spjalt yn de Jongfryske Mienskip om't Kalma de kâsten op in sosjalistyske wize feroarje woe. De krite Burgum, dêr't Jousma lid fan wie om't er doe yn Aldtsjerk wenne, waard alhiel roeyarre en Jousma waard út de redaksje set en noch mar ien gedicht fan him wurdt publisearre ('Krystklok', yn 1923).

Yn 1929 ferhuzet hy nei De Haach en dan skriuwt er in protte muzykstikken, toanielstikken, bernetoaniel, befrijingsspullen, meast yn it Frysk mar ek yn it ABN.


Pas yn 1940 komt syn earste boekje mei gedichten út, 'Kemelûd', yn 1963 folge troch 'It twadde lân'. Dêrnei skriuwt er noch in oantal gedichtebondels (yn totaal hat er 9 bondels útjûn) bygelyks yn 1976 in boekje mei gedichten nei de dea fan syn frou: 'Kleiliet om Auk'.

Sûnt 1952 publisearret er ek yn De Tsjerne, in literêr tydskrift. Yn de Ljouwerter krante ha'k in oantal gedichten fan him fûn, benammen om



1924 hinne, mar ek letter noch. Nei de oarloch waard hy wer lid fan JFM en publisearre hy sûnt 1953 wer yn 'Lyts Frisia', meast poëzij, mar ek proaza. Hy hat fan 1967 oant syn dea yn 1981 ta ek redakteur fan dit blêd west. By de krite yn De Haach 'Sijucht en Rjucht' wied er fan 1938-1948 foarsitter en fan de dêrby hearrende stúdzjeklub sels oan syn dea ta de foarsitter. Dizze krite hat ek in oantal toanielstikken fan him opfierd. Jousma skriuwt gauris oer syn jeugd yn Nijtsjerk, oer de famylje, it doarp, de tsjerke, oer libben en dea. Syn sykjen yn ferskate religys hat him net behindere om de âlde tsjerke trou te bliuwen. De resinsint yn de Ljouwerter krante skriuwt oer 'Nijtsjerkster Lûden':

"Oan dizze âlde famylje-portretten forbynt de dichter syn meditaesjes oer libben en dea, net opstandich, mar birêstend. Syn tael is geef, syn styl âlderwetsk (...) út dizze fersen sprekt in langstme nei't forline dat net wer komt, in foarteam dat fortein is en in leauwe dat forlern is. Allinne it greate heimenis fan dea en libben is bleaun, de mankelikens en de dream."



J. Noordmans is net sa posityf as er 'It twadde lân' resinsearret: "...dizze bondel hie helte tinner moatten, dan hie de kwaliteit helte better west ... alle swakten fan it dichterskip fan Jousma komme yn dit boek formannichfâldige nei foaren ... wiidweidige, prekerige meditaesjes ... rhetoriske heechstannen ... djip bedobbe ûnder wurden, wurden." En dochs fynt Noordmans dat "dichterskip en skientme sûnder mis oanwêzich binne."

Dit soarte fan kritiken kriget Anne Jousma gauris, ek yn syn proaza. Hy hâldt fêst oan syn eigen wize fan wurkjen, de idealen fan de JFM bliuwe by him dochs foarop stean, hy wurdt gauris de lêste 'Jongfries' neamd wylst er dan al op hege leeftyd is, religy en mystyk bliuwe ûnderwerpen, ja sels de âlde stavering lit hy net los: de Steatestavering fan 1980 wie hy poer op tsjin. As hy yn 1981 in bydrage yn It Beaken skriuwt oer syn tiid by 'Frisia', moat de redakteur ûnder dat artikel skriuwe:

(Boppesteande is by útsûndering op útdruklik fersyk fan de skriuwer yn de âlde stavering opnommen)

Ta beslút fan it part oer de poëzij fan Jousma noch in fers dat syn sykjen yn it leauwe sjen lit:

### **Ik rop dy oan**


*Ik rop dy oan mei alle nammen, dy't ik ken:  
Alfader, Brahma, Indra, Amon,  
sa goed as Aton en Ik-Bin.  
Meitsje myn roppen net biskamme.*

...

*Lit my dochs skôgje yn Dyn hôven;  
ik sil wer Dyn boadskip bringe oan de dôven  
yn dit forlitten lân en dêr  
Dyn wurden sprekke tsjin de drôven.*

### **Proaza**

It earste ferhaal dat ik fan Anne Jousma fûn ha, stie ek yn it earste nûmer fan 'Frisia' yn 1920: 'Mearke fen de sé'. As men dat ferhaal lêst, is it krekt as spilet him dat ôf op 'e seedyk by Nes, krekt as is Anne Jousma de jonge yn dat ferhaal, in jonge dy't fier fuort giet, fier by de see wei (krekt as Anne Jousma fier fan Fryslân gie) en dy't werom komt om't er de see sa mist (krekt as Anne Jousma dy't fan Lunteren werom gie nei Fryslân, nei Aldtsjerk). Dat situearjen fan in ferhaal yn de omkriten fan syn jeugd liket hyltiten werom te kommen yn syn wurk. It boek 'Hans en syn maten' út 1928 is maklik te pleatsen yn Nijtsjerk, bepaalde




persoanen dêryn lykje yn oare boeken fan Jousma werom te kommen. De persoanen yn 'Dûmny's twilling' koe ik by it lêzen maklik yn Nijtsjerk pleatse, de tún is de pastorijetún oan De Buorren, de tsjerke de Sint Cecilia, as se de fjilden yn flechtsje binne se yn de Kegen ensfh.

In oar aspekt yn syn boeken is it autobiografyske karakter; men herkent, yn de persoanen yn it boek, Anne Jousma sels en de minsken om him hinne. Dat begjint al by 'Faes efter glês', in ferhaal oer in direkteur fan in Mulo-skoalle dy't him bekroadet om in jonge fan skieden âlders, dy't syn mem ferlieze moat. 'Wiarda', sa't de haadpersoan neamd wurdt, nimt de jonge sels yn 'e hûs. Yn Wiarda is maklik Anne Jousma te herkennen en dy 'faes efter glês' spilet wer in rol yn it boek 'Wibe professor', trouwens

dizze Wibe hyt folút Wybe Wiarda, ek wer in oanwizing. Dat boek ‘Wibe professor’ giet alhiel oer de jeugd fan Anne Jousma yn Nijtsjerk, dat er it net maklik hân hat om’t er altiten mei âldere minsken te krijen hie, hiel goed leare en net fjochtsje koe. Oer syn famylje skriuwt er yn ‘Pleats oan de feart’ en yn ‘Dêr’t de woartels lizze’ beskriuwt er Nijtsjerk sa’t dat der yn syn jeugd hinne lei. Foar ús Nijtsjerksters is dat in wichtich boek want it lit ús doarp sjen sa’t it 100 jier lyn wie en net allinne de huzen en strjitten ensfh., dus de materiële saken, mar ek hoe’t de minsken meiïnoar libben, hoe’t it maatskiplik om en ta gie bygelyks op skoalle en yn tsjerke.

As men alle boeken fan Anne Jousma yn in koart skoftsje tiid lêst, komt it neidiel nei foaren dat guon persoanen en situaasjes yn meardere boeken foarkomme. De ‘faes efter glês’ is al neamd mar de persoan fan ‘Wibe professor’ is deselde as lytse Wytse yn ‘Pleats oan’e feart’ en yn syn lêste boek ‘Dêr’t de woartels lizze’ wurde alle oare boeken nochris oereide. Oer dat autobiografyske seit Anne Jousma sels: “Nou noch efkes hwat oer it boek ‘Wibe professor’. Dat giet oer in jongeslibben út it begjin fan de ieu en der sit fansels gâns biography yn. Mar nou moat men net hinnegean en stel de haedpersoan mei de skriuwer fan dit boek identyk. Lykas my oerkaem mei ‘Faes efter glês’.”



In tredde aspekt is it iepen skriuwen oer leafde foar deselde sekse, yn diel 1 is dit ek al neamd. Jousma seit hjir sels oer: “Hwerom soe in minske allinne leafde fiele kinne foar de oare sekse? Leafde lit har net kommandearje: hja komt of hja komt net. En as hja komt en hja wurdt weardich ûntfongen, hwat falt der dan to lekskoaijen?” Yn ‘Faes efter glês’ giet it faaks noch in stapke fierder om’t de folwoeksen Wiarda leafde opfet foar in jonge fan sa’n 14 jier, al wurdt dat net fierder útwurke.

## Krityk

As men de resinsjes fan Jousma syn boeken neilêst, docht bliken dat hy in protte krityk krigen hat. Dat hat faaks te krijen mei syn âlderwetske styl, hy hâlde fêst oan de idealen fan de Jongfriezen.

Fan 'Wibe professor' skriuwt de resinsint: "Der sit gjin tempo yn, der is net ien great thema om it forhaal to dragen, de skriuwwise docht hwat âlderwetsk oan en de komposysje is slim fragmentarysk."

Fan 'Faes efter glês' skriuwt Marten Sikkema yn de LC: "Wol goed bedoeld, mar net sa goed biteard ... ik hie leaver hân dat dizze faes oan diggels fallen wie foar't er op dizze wize to pronk set wurde moast!"

Fan 'Dêr't de woartels lizze' beslút Jan Kroes syn stik mei: "It boek as delslach fan 60 jier wrotten en wramen yn Fryske sin en yn't ûnderwiis is de meagere kant it neist."

Jan Kroes makket it noch bûnter yn syn kommintaar op 'De pleats oan de feart' dêr't er boppe set: "In ôffaller as útsetter."

Neffens my hat Anne Jousma sokke krityk net fertsjinne en lokkich is de resinsint fan 'Dûmny's twiling' it dêrmei iens as er skriuwt: "Mei Dûmny's twiling hat Jousma in lêsber boek skreaun, dêr't de KFFB wol mei foar't ljocht komme kin. It is skreaun yn geef Frysk, yn dizze tiid al in fortsjinste op himsels."

De resinsint fan it FD fynt 'Pleats oan de feart' de muoite wol wurdich, al moat ek hy konstatare: "Jousma wie en bliuwt yn syn proaza en poëzij in aparte persoanlikheid yn de Fryske literatuer mei syn eigen sierlikheid, in eigen boadskip fan harmony tsjin geweld en ferwurding, mei syn earbied foar yntelliginsje, en syn eigen gea: de oarde om Easter-Nijtsjerk hinne. Ik haw der gjin idee fan hoefolle lêzers syn wurk kenne en hoefolle it ek wurdearje. Ik bin bang fan net folle. De soarte beskaving dêr't Jousma in eksponint fan wie binnen de Fryske literatuer, falt net algemien yn 'e smaak by Friezen."

### **Prizen:**

Anne Jousma mei dan in protte krityk hân ha fan offisjele resinsinten, dat hat net belet dat er gâns prizen wûn hat, mei fersen en ferhalen dy't er ynstjoerd hat.




Hjirûnder de wichtichste:

- 1955 - Rely Jorritsmapriis (fers: *Trije roundielen*)
- 1956 : Rely Jorritsmapriis (ferhaal: *De mantel fan de profeet*)
- 1956 : Rely Jorritsmapriis (fers: *It sil allegearre wol gewoan wêze*)
- 1958 : Rely Jorritsmapriis (ferhaal: *Goadejefte*)
- 1961 : Rely Jorritsmapriis (ferhaal: *Reis nei Switserlân*)
- 1961 : Rely Jorritsmapriis (fers: *Redbads dea*)
- 1964 : Rely Jorritsmapriis (ferhaal: *In snein*)
- 1965 : Rely Jorritsmapriis (fers: *Sawn kwatrinen*)
- 1966 : KFFB 1<sup>ste</sup> Romanpriisfraach (roman: *Faes efter glês*)
- 1973 : KFFB 1<sup>ste</sup> Romanpriisfraach (roman: *Wibe professor*)
- 1979 : KFFB 2<sup>de</sup> Romanpriisfraach (roman: *De pleats oan de feart*)

Neist syn wurk yn it Frysk hat Jousma ek in oantal útjeften yn it ABN skreaun, benammen toaniel, mar hy hat ek ien tsjok boek skreaun yn it Nederlânsk: 'Toetanchamon, roman van een farao'. Al mei al kin oer dizze Nijsjerkster sein wurde dat er hiel wat út 'e wei set hat.

Ta beslút wat Anne Jousma sels oer syn wurk skriuwt op in formulier foar it FLMD:

*"Hat ús wurk 'bedoeling'? Ja, yn safier't wy it yn it Frysk skriuwe. Wy wolle ús eigen tael as kultuerdrager sjen. En fierder bisykje ik in boadskip oer to bringen, ien fan forbounens mei it lân hjirefter, dat him spegelet yn ús ierdske foarmen. In boadskip ek, dat yn alle religys bisletten is, hwerfan't de wurden faeks ûngelyk binne, mar de forburgen ynhâld gelyk. Foar my is it wichtichste: Hwer kom ik wei? Hwer bin ik hjir? Hwer geane wy hinne? En dat it dan wolris by 'stammerjen' bliuwt, hwat sil men dêroan dwaen?"*



RT

# Ouderenmiddag 24 oktober 2014

Vrijdagmiddag 24 oktober waren er ruim 40 ouderen onder ons die op de uitnodiging van het Dorpsbelang afkwamen voor een gezellige middag in de Terp.

Om 16.00 uur werd men daar verwelkomd met een bakje koffie of thee met cake en bracht



Aan Westra met zijn accordeon het publiek al wat in de stemming.

Daarna was het woord aan Jan Fennema. Met zijn diavoorstelling over het Wad en de Waddeneilanden vergezeld met zijn bevolgen commentaar wist hij alle aanwezigen “mee te nemen” naar dit unieke gebied.

Ook de lancering van de Amelander Paardenreddingboot kwam aan bod. Het betrof hier een demonstratie, maar gaf een goede indruk hoe of dat destijds in zijn werk ging. Dhr. Fennema benadrukte hierbij dat het toen en nu nog steeds allemaal om vrijwilligers gaat die met gevaar voor eigen leven mensen in nood op het water proberen te redden. Tevens werd er stil gestaan dat bij de reddingsactie van 14 augustus 1979 waarbij acht paarden bij de tewaterlating zijn verdronken.


Tijdens de pauze was er weer tijd voor de inwendige mens en kon er ook weer geluisterd worden naar en genoten worden van de muziek. Zo nu en dan werd het publiek door Aan Westra aangemoedigd om mee te zingen en dat was niet tegen dovenmansoren gezegd!

De diavoorstelling kreeg nog een vervolg, en hierna werd middag afgesloten met soep en broodjes. Er kon na afloop geconcludeerd worden dat deze middag zeker voor herhaling vatbaar is!

Janneke Themmen, Dorpsbelang







### Hervormde Knapenvereniging, 1940

Veel vertier was er voor de Tweede Wereldoorlog niet voor de jeugd van die tijd. Nou ja, je ging naar de knapen- of meisjesvereniging en als je ouder was naar de jongelingenvereniging en natuurlijk naar catechisatie (meestal 'fraachlearen' genoemd). Als je muzikaal was, werd je lid van de zang- of muziekvereniging, was je sportief dan kon je 's zomers kaatsen, maar dat was het wel zo'n beetje.

Een uitstapje met knapen, meisjes of jongelingen was daarom in die tijd een hoogtijdag. Daar hoorde natuurlijk een groepsfoto bij. Daarvan zijn er gelukkig een aantal bewaard gebleven, deze van de hervormde knapenvereniging van ongeveer 1940 is daar één van, al staan er ook wat oudere 'knapen' op deze foto.

Boven van links naar rechts: Siemen Eelzes Weidenaar, Meester Cornelis (Kees) Grunstra, Eelze Weidenaar, Cornelis (Kees) Seepma, Durk Sakes Postma, Jan J. Damstra, Bokke Tjeerds van der Ploeg en Jan G. Torensma.

Midden: Jacob B. van der Ploeg, Jan Meints Weidenaar, Jacob W. Holwerda, Klaas Andries' Torensma, Jitse Tjeerds van der Ploeg, Geert Pieters Torensma

Voor: Freerk Pieters Torensma, Klaas G. de Jong, Johannes J. Minnema en Piet Cornelis' van der Lei.



(Foto beschikbaar gesteld door Pietje Weidenaar-Postma, de namen komen uit het album van Geert Jongeling)

Er kwam één reactie binnen op de foto's uit de vorige Doarpsskille, maar dat was meteen voldoende. De tweede foto was inderdaad van Thys Jongeling. Thys en Grytsje (Thys was eerst getrouwd met Hylkje Boltjes en later met haar zuster Stijntje Boltjes. Grietje was mogelijk een huishoudster, na de dood van Thys ging zij naar Paesens) woonden aan It Lykpaad, nu Foeke Sjoerdsstrijtte, in het



allerlaatste (erg kleine) huis. Dat huis is nu verdwenen maar stond in de tuin van nummer 13, het geheel vervallen huis waar het laatst Jelle en Anneke de Jong woonden. De foto is gemaakt naast het hek dat daar (wel vernieuwd) nog steeds staat in de richting van Doktersfiif. Omdat daar toen nog geen huizen stonden, kijk je over het land naar de achterkant van de huizen aan de Langgrousterwei. Daar stonden acht woning-wetwoningen (de reade húskes), die inmiddels ook al weer zijn verdwenen; nu is er een plantsoentje met daarom heen de huizen gesitueerd.

Helaas is er nog geen duidelijkheid over de laatste foto van de vorige keer. Wel is duidelijk dat deze foto genomen is op de Buorren naast nummer 45 (Piet de Boer). Het huis rechts is de boerderij van Boate Kooistra. Er bestaat een mogelijkheid dat deze persoon Gerrit de Zwart is, in het kleine huis naast Kooistra, nummer 49, woonden voorheen ook leden van de familie De Zwart. Gerrit de Zwart (Gerrit en Kim) woonden zelf aan De Lyts Ein, nummer 6 (nu Leo Miedema).



Wie er meer van weet wordt van harte uitgenodigd om contact op te nemen met 241593 of [r.tolsma01@knid.nl](mailto:r.tolsma01@knid.nl) .

Heeft u ook een geschikte foto voor deze rubriek? Reacties naar zelfde adres.

R.Tolsma

## Even voorstellen...

Hallo, ik ben Anke Jensma en ik ben veertien jaar oud. De komende tijd ga ik stage lopen bij de Doarpsskille! Ik heb voor deze stage gekozen omdat ik later iets met journalistiek wil doen, dus dit is een leuke kans om met dit vak in contact te komen. Al vanaf jongs af aan vind ik schrijven erg leuk! Ik heb ook een eigen blog waar ik blogposten maak. Hij heet [www.galaxyteens.wordpress.com](http://www.galaxyteens.wordpress.com), ik heb deze blog samen met Nynke Themmen. We bloggen over beauty, lifestyle en mode. De

laatste tijd blog ik zelf niet meer zo veel, omdat ik het erg druk heb met school. Ik zit in de derde klas van de havo, daarvoor moet ik ook deze stage doen!

Wat ik ook leuk vind om te doen is met mijn vriendinnen afspreken, films kijken en foto's maken.

Dit was mijn verhaaltje wel. Tot in de volgende Doarpsskille!



# GALAXY TEENS

## 25 Jier Lyn yn de Doarpsskille



### O a r e s a k e n :

No't de PTT selsstannich wurden is, komt de hieltyd mear praat oer it sluten fan pleatslike postkantoaren. It D.B. fynt dit fansels in slimme saak. Hoe stiet it der mei Nijtsjerk foar?

Fierderop in meidieling fan de PTT wer't út blykt, dat as der genôch "handelingen" binne ús postkantoar bestean bliuwe kin. Dus minsken, help alle-gearre mei troch safolle mooglik fan de tsjinsten fan ús postkantoar gebrûk te metsjen. Wy as Nijtsjerksters meielkoar binne no goed foar 5000 "handelingen" per jier, dat moat 6000 wurde.

Wat is no in "handeling"?

Yn- en ferkeap reischeques

Yn- en ferkeap bûtenlânsk jild

It stoarten en útbeteljen fan bûtenlânske post-wiksels

Giro-útbetellings / Postbankútbetellings (elke cheque is 1 "handeling", dus 2 kascheques binne 2 "handelingen" en 3 betaalkaarten binne 3 "handelingen")

Postbankstoartings

It útrikken fan setsjes girobetaalkaarten

It útrikken fan giromaatpassen

It oanfreegjen fan kentekenbewizen

It oerskriuwen fan wegenbelesting

It oanjaan fan lúster- en sjoehjild

It oannimmen fan oantekene stikken

It oannimmen fan bûtenlânske postpaketten

It oanfreegjen fan postidentiteitskaarten

It oanfreegjen fan MARC zendmachtigingen

Oan it loket útrikke poststikken

It oannimmen fan telegrammen

It oannimmen fan tillefoanoanslutingen of it wizigjen dêrfan

It ôfjaan fan formelieren foar it missen fan kentekenbewizen

It iepenjen fan jeugdrekkeningen: Pennierekking of blaurekking

It iepenjen fan in girorekkening

Postzegels, strippenkaarten, fiskkaarten, ynformaasje en gemeentehandelingen (pas, rydbewiis, ensfh.) kinne jimme ek op it postkantoar dwaan, mar wurde net rekkene as "handeling"

Lokkich binne der ek oare saken te melden, lykas: It fytspaad tusken Easternijtsjerk - Niawier - Dokkum. De plannen hjirfoar binne ree en it jild leit klear. It is allinne spitich dat de oanlis fertrage wurdt troch in beswierskrift. Sa'n fyts-



paad sil grif de ferkearsfeiligens te'n goede  
komme - benammen oan de bern - en ek foar de re-  
kreaasje soe it in oanwinst wêze.

Dit fytspaad wurdt mei mooglik makke troch it  
stipebelied Lytse Kernen fan de Lauwerskrite.  
Op't heden is der in nij stipebelied Lytse Kernen.  
D.B. oriïntearret him hjiroer.

WdK

# Mededeling van het postkantoor.

Via diverse media hebben we ten onrechte kunnen vernemen dat ook  
het postkantoor te Oosternijkerk zal worden gesloten.

Als PTT wensen wij ons nadrukkelijk van deze uitspraak te distantieren.

De uitspraak is namenlijk niet afkomstig uit ons bedrijf.

Wel is het zo dat ons kantoor iets te laag scoort waar het de  
geregistreerde lokethandelingen betreft, maar met uw hulp is daar  
verandering in te brengen.

Wanneer u als bevolking van Oosternijkerk gewoon uw handelingen voor  
post,-postbank -en gemeentezaken op het postkantoor te  
Oosternijkerk blijft doen en mee helpt uitbreiden kan een PTT-vestiging  
in Oosternijkerk bestaansrecht houden.

24

LEGT MET VOORT

1973-1974




# Hardlopen iets voor jou?

## LOCATIE IN OOSTERNIJKERK

- Vrijblijvende proeftraining
- Ook beginnersniveau
- StarttoRun vanaf januari 2015
- Voor iedereen en elk niveau begeleiding
- Professionele schema's via Hugo Veenker
- Olv Tracy van der Ploeg

Wanneer	maandagavond
Waar	Parkeerplaats bij de voetbalvelden Oosternijkerk
Tijd	19.30 tot 20.30

informatie via Hugo Veenker, [info@lopenmethugo.nl](mailto:info@lopenmethugo.nl)  
0511-424317



In de zomerperiode was er wegens gebrek aan tijd geen BIB - rubriek. Maar nu komen we weer bij diverse ondernemers over de vloer.

Deze keer ben ik bij Klaas de Vries geweest, Klaas woont op de Langgrousterwei 35, is 49 jaar en heeft een relatie met Ankie. Klaas heeft 3 uitwonende dochters: Henderica (25), Dirkje (24) en Martje (21). Hij heeft een schilder- en klussenbedrijf. Bij binnenkomst van de woning wordt direct al duidelijk dat het schilderen en klussen in zijn genen zit, want het huis zit vol verrassingen.

Klaas heeft zijn opleiding schilderen afgerond met een diploma op de LTS in Dokkum. Na schooltijd was hij veel bij diverse boeren aan het werk.

Klaas trad in vervroegde militaire dienst toen hij 17 jaar was, hierna kwam hij via een uitzendbureau aan het werk bij Stet & Slot. Stet & Slot, het beste te omschrijven als een handelshuis in consumptie aardappelen, had destijds een verwerkingslocatie in Liessens. Vervolgens ging Klaas bij Holland Crop aan het werk, eerst als productiemedewerker en daarna als heftruckchauffeur. Hier was hij werkzaam tot juni 2000, vanaf dat moment werd tevens de eerste stap gezet naar het zelfstandig ondernemerschap. De woelige baren waren de volgende uitdaging, Klaas voer 3 jaar mee op een garnalenschip van S. Miedema uit Engwierum. De verdiensten waren altijd een verrassing, die was namelijk geheel afhankelijk van de vangst.

Na drie jaar als garnalenvisser zocht Klaas de werkzaamheden weer op het vasteland. Hij was druk bezig zelf werk te zoeken, en kwam via uitzendbureaus aan het werk bij POL en Waaksma Ternaard. Klaas is ook regelmatig aan het werk bij van Kammen.

Samen met Rudi Groenwold waren ze in het seizoen 2005/2006 ook nog werkzaam bij Dam Beton Akkrum. Vanwege het feit dat uitzendbureaus natuurlijk uitermate handig zijn voor het vinden van werk, maar daar toch ook een redelijke vergoeding voor vragen besloot

Klaas in juni 2006 om volledig voor het zelfstandig ondernemerschap te kiezen.



Vanaf dat moment konden de werkzaamheden redelijk ingepland worden, echter de herfst bracht heel veel regenachtige dagen met zich mee en dus kon er buiten niet meer gewerkt worden. Klaas had toen het geluk dat hij samen met Wieger de Boer (Dokkum) een megaklus mocht verrichten,

namelijk het volledig binnen schilderen van een grote boerderij. Toen kwam de winterperiode, Klaas had zijn voorbereidingen al getroffen. Hij ging 3 jaar lang in deze periode bij Waaksma aan het werk, wortels spoelen. Zodra er geen werk was ging hij naarstig op zoek naar werk, want stilzitten staat niet in zijn woordenboek.

Vandaar dat hij bij Zuidema rioleringswerken, Germ Kuipers weg- en waterbouw en natuurlijk weer bij van Kammen aan het werk was.

De afgelopen drie jaar is Klaas in de herfst/winterperiode bij Yme Meirink aan het werk. Hij helpt daar mee aardappelen te sorteren.

Tussentijds werd er met Bauke Tuinhof in 2007 een samenwerkingsovereenkomst gestart als klussenbedrijf. In 2008 hebben ze samen een boerderij aan de Buorren 2 in Paesens gekocht. Het voorste deel heeft Bauke Tuinhof gekocht, hier woont Bauke. De schuur hebben ze samen gekocht, oorspronkelijk als klussenbedrijf. In 2009 hebben Klaas en Bauke een vergunning aangevraagd om de schuur geschikt te maken voor toerisme.

Inmiddels zijn er 3 appartementen gerealiseerd en is er nog een mogelijkheid voor een vierde appartement. Ook deze zal ongetwijfeld binnen afzienbare tijd gereed zijn. De appartementen worden aangeboden via Novasol. Afgelopen zomer was de bezettingsgraad van de appartementen heel goed, 90% van de huurders zijn Duitsers. Maar ook worden de appartementen regelmatig verhuurd aan NAM personeel. Voor degenen die even lekker uit willen waaien op de



zeedijk is dit natuurlijk een prachtige locatie. En als bijkomend voordeel zijn huisdieren toegestaan.



Zoals jullie gewend zijn heb ik ook Klaas naar enkele van zijn favorieten gevraagd.

- |                     |                             |
|---------------------|-----------------------------|
| Favoriete vakantie  | - Ameland                   |
| Wereldstad          | - New York                  |
| Favoriete auto      | - Ford Mustang (1965)       |
| Favoriete maaltijd  | - Hollandse kost            |
| Favoriete drankje   | - Biertje                   |
| Favoriete tv zender | - Discovery channel         |
| Hobby               | - Blokje om op de zundapp   |
| Mooiste plekje      | - Moddergat, it wad         |
| Lelijkste plekje    | - Bouwval tegenover de Terp |
| Mooiste gebouw      | - Hervormde pastorie        |

Hierbij wil ik Klaas nogmaals bedanken voor zijn gastvrijheid.

# ECODon

## “ Door het dorp, Voor het dorp “

Dat is de leuze van uw Energie coöperatie Dongeradeel “ECODon”

### **Wat is er de laatste jaren gebeurd?**

Gezien de onvrede die er heerst onder de bevolking met betrekking tot de hoge energie lasten en de daarmee in verband staande winsten van de reguliere energie maatschappijen worden er her en der in het land energie coöperaties opgericht om zelf energie op te wekken. Dit lokaal opwekken van energie heeft meerdere doelen;

- Minder transportkosten en minder schadelijke uitstoot CO2
- Minder afhankelijk van de reguliere energie maatschappijen
- Winsten worden weer hergebruikt in die regio.

In de drie noordelijke provincies Friesland, Groningen en Drenthe zijn coöperaties opgericht, respectievelijk Us Koöperaasje, Grunneger Power en de Drentse kei. Alle drie coöperatief.

Uit deze drie komt de energie coöperatie Noordelijk Lokaal Duurzaam voort (**NLD**).

Een coöperatie is een verenigingsvorm gericht op winst maken **maar...** die winst moet onder de leden van die coöperatie worden verdeeld.

Nu mag niet elk bedrijf, want dat is een coöperatie ook, energie gaan verkopen op de energie markt. Daarvoor is een vergunning nodig van de autoriteit consument en markt. Die vergunning werd zeg maar per 1 juni 2014 van kracht. De NLD is dus een coöperatie die zich verplicht heeft tot levering van gas en elektriciteit, precies het zelfde als Nuon, Essent en Eneco ed.

Het verschil tussen NLD en de andere maatschappijen is dat NLD de winst weer verdeelt onder de leden en dat Nuon, Eneco en dergelijke de winsten zelf behouden.

### **Het werkt als volgt.**

NLD koopt de energie op de energie markt net als de andere maatschappijen. NLD verkoopt deze energie weer aan u net als de

andere maatschappijen daar is dus geen verschil tussen. Iedereen in Nederland die dat wil kan Energie van NLD afnemen.

De prijzen van NLD zijn markt conform dus wordt er, net als bij de andere maatschappijen winst gemaakt.

NLD is niet de goedkoopste energie leverancier maar ook niet de duurste. NLD is goedkoper dan b.v. Nuon, Eneco en Essent.

NLD huurt een ruimte in de stad Groningen, er is één directeur er is een secretaresse en er zijn inkopers. NLD doet niet aan marketing (dus geen kosten.)

Terug naar Friesland met Us koöperaasje . Deze coöperatie werkt met vrijwilligers en stelt zich tot doel de plaatselijke initiatieven zoals ECODon te ondersteunen op allerlei gebied zoals wetgeving, voorlichting en door anderen opgezette initiatieven.

**ECODon** werkt eveneens met uitsluitend vrijwilligers. Deze vrijwilligers hebben een cursus gevolgd om volgens richtlijnen de marketing / verkoop voor NLD te verrichten.

Omdat ECODon deze werkzaamheden voor NLD verricht krijgt zij het geld dat daar anders voor zou zijn uitgetrokken. Dit is € 75, - per aansluiting per jaar.

Omdat iedereen in Nederland energie mag betrekken van NLD is het van belang dat diegene die in onze regio energie betreft van de NLD dit doet via ECODon omdat anders de €75, - niet wordt uitgekeerd aan ECODon. NLD weet dan nl niet dat U klant bent geworden door de activiteit van ECODon.

Als u daarnaast ook lid wordt van ECODon dan heeft u het recht om mee te beslissen wat er met dat geld wordt gedaan. Dit kan zijn b.v. voor lokaal opwekken van duurzame energie, voor isolatie maatregelen of voor een sociaal initiatief. De leden bepalen.

Als u de moeite wilt nemen om uw contract na te kijken dan willen wij u graag helpen met overstappen naar NLD.

Als u nog aan een contract vast zit dan willen wij dit graag voor u in de gaten houden en u waarschuwen als de mogelijkheid voor overstappen er is wij nemen dan contact met u op.

ECODon heeft niet het geld om boetes voor u te betalen.

Omdat u toch energie nodig heeft waarom zou u die dan die niet betrekken van een maatschappij die de winst weer teruggeeft aan de afnemers?

Een belangrijke kracht van de lokale energie coöperatie is dat het draait om mensen uit de buurt. Je belt met iemand die je kent, die de zaken

voor je regelt. Dat is directer dan bellen met een 'call center' en doorgeschakeld worden.

Dus nog even in het kort uw reden om over te stappen van uw huidige energie leverancier naar Noordelijk Lokaal Duurzaam:

- U heeft gas en/of elektriciteit nodig
- U blijft verzekerd van uw energie (vergunning ACM)
- U betaalt minder of gelijk aan wat u nu betaalt
- De winst van NLD wordt onder de leden verdeeld
- Per volledige aansluiting (gas en elek.) krijgt ECODon € 75, - waarover u mede beslist.
- De overstap naar NLD kunt u zelf regelen of u laat het door ECODon voor u regelen
- U doet door uw overstap wat aan het milieu, voor het dorp en aan die enorme winsten van de andere maatschappijen.

In de volgende Skille vertel ik over de initiatieven die ECODon heeft genomen met betrekking tot lokaal opwekken van energie. U kunt tevens kijken op onze Website [WWW.ECODon.nl](http://WWW.ECODon.nl)

Ook kunt u bellen met :

Geert Brill, voorzitter 06-83605177 (Metslawier)

Aad Stolk, penningmeester 06-30280094 (Oosternijkerk)

AS

---

## **Opfriscursus voor rijbewijsbezitters**

Bent u al jaren in het bezit van een rijbewijs maar hebt u moeite met sommige onderdelen in het verkeer?

Dit kunnen onderdelen zijn zoals: bepaalde verkeerssituaties, snelwegen, in- en of uitvoegen, parkeergarages etc.

Het verkeer wordt steeds drukker en er verandert veel, ook in de theorie. U kunt zich daarom nu opgeven voor een opfriscursus praktijk.

U rijdt u in uw eigen auto onder begeleiding van een instructeur en kunt zelf aangeven waar u moeite mee hebt.

Voor vragen en/of aanmelding kunt u contact opnemen met Peet Kuiper. Tel.nr. 06-51615198 of 0519-241540.

## Op 'e kofje by... (29)

---

### Douwe Kuiper (1)

*Hy wennet al wer in skoftsje yn De Skûle te Mitselwier, op in pracht plakje dêr't hy de Stasjonsstrjitte delsjocht rjochting Café Veldzicht, mar om't er 60 jier tahâlden hat yn ús doarp, kin er dochs beskôge wurde as in echte Nijtsjerkster. Hy skille my om wat oars mar doe't ik 'm dochs oan de telefoan hie, tocht ik dat it heech tiid waard foar in kopke kofje by Douwe Kuiper yn Mitselwier.*

Pake Douwe Kuiper wenne yn Peazens yn de Hûnestege. At dy namme fan pake syn hûnen kaam wit ik net, mar pake die al it wurk mei syn



hûnen, hy hie der fêst fjouwer stiks. Hy brûkte se foar it wurk op it lân mar hy hie se ek foar de hûnekarre mei molkbussen want hy wie ek molkrider foar it suvelfabryk yn Eanjum. Beppe Hylkje hie der noch in winkeltsje by yn piteroalje, tee, kofje, sjerp en al sok guod mear. Pake hie in pear stikken lân dêr't it wat op ferboude en molk in pear kij. Der wiene fiif bern, fjouwer froulju en ús heit Wiebe Kuiper as iennichst soan. Heit hie allinnich mar legere skoalle hân, hie graach leare wollen, mar dat siet er foar him net yn.

*Pake Wiebe Douwes Kuiper mei de hûnekarre ûnderweis*

Doe't ús heit yn 1920 troude mei Akke Siedsma binne se nei Foudgum gien te wenjen dêr't heit fêst-arbeider waard by boer Pieter Hiemstra. Yn it arbeidershûs dat by de pleats hearde bin ik yn desimber 1923 berne, ek ús Aaltsje kaam dêr te wrâld. Us Klaas is berne yn It Moddergat want pake liet ús heit witte dat Marten de Vries (elk koe him folle better as Marten Skuonmakker) in hûs mei in skuorke derby ferhiere woe, der wie

ek wat lân by. Sa kamen wy op 'e Kamp yn It Moddergat telâne dêr't heit dat bedriuwke stadichoan opwrotten hat ta in pûnsmjit as 15 en in stik as fjouwer kij; dêr koe men doe noch fan libje.

Mei seis jier kaam ik op de grifformearde skoalle en ik koe der blykber al wat mei want ik waard gauris neiholden. Sa wie ik op in kear opsluten en bin'k troch it wc-rútsje útnaaid: earst de klompen dertroch en doe ha'k my mei lijen troch dat rútsje hinne wrotten, ik wie ek mar in behindich mantsje. Ik besocht dêrnei út 'e buert fan haadmaster Zwart te bliuwen want ik hie bêst yn 'e rekken dat sok útpiken gefolgen ha koe. En ja, hear, dêr wie't al sa fier, hy hold my nei om 12 oere: strafriegels skriuwe. No wie ús heit in man fan: by ús wurdt der om tolve oere middeis waarm iten en gjin minút letter. Dat it duorre net lang as dêr kaam ús heit oan en dy master Zwart te wurd: "Master, jo meie mei dy jonge dwaan wat jo wolle, mar by ús wurdt der om 12 oere waarm iten, dat litte wy net kâld wurde!" en ik waard mei nei hûs naam en krige in wan bruien mei want as ik op skoalle wat útheefd hie, krige ik dêr thús nochris wat oerhinne!

### **Mei njoggen jier fan skoalle ôf**

Yn de minne jierren tritich fan de foarige ieu koe heit syn arbeider Durk Soepboer net mear betelje. Ik hear it heit noch sizzen "Durk, kinst noch ien kear sinten helje by Akke, dat ha wy noch byinoar klaud, mar it kin net mear, ik moat dy dien jaan." No ferboude heit net gewoan ierdappels, graan en biten, lykas hjoed-de-dei gauris wenst is, mar die hy oan túnbou en dêr wie hy ek tûk yn; hy ferboude blomkoal, savoye koal, andivy, slaad en neam mar op. Sokke túnbou is yntinsyf wurk dat hy helle my fan skoalle, ik moast meiwurkje op it lân. Ik wie doe 9 jier en siet by master Postma yn 'e tredde klasse. No koene wy goed mei haadmaster Zwart, heit hie lân efter syn hûs en se praten gauris in pypfol, mar master Zwart kaam by heit en sei: "Wiebe, ik moat dit trochjaan, ik kin dit net langer ferantwurdzje." Us heit sei: "Master, jo moatte jo plicht dwaan," en heit moast foar it gerjocht ferskine. Doe't er thúskaam, sei er tsjin ús mem: "No moatte wy noch suniger oan Akke, noch hurder omwrotte, ik ha 10 gûne boete krigen." It waard in saneamde 'minnelijke schikking', se mochten elke moanne 1 gûne betelje.

De tiden wiene sa min dat de moaiste blomkoalen skopten wy troch de fuorge: se wiene neat wurdich. Ik wit noch bêst dat de frachtrider, dy't troch de wike de griente nei Dokkum brocht, op sneontemoarn by ús heit kaam om ôf te rekkenjen: heit moast 35 sinten of somtiden 75 sinten tábetelje, de fracht wie djoerder as de griente fan in hiele wike!

Doe't it thús wat rûmer waard, koe ik fan heit wer nei skoalle ta. Ik soe yn de fyyfde klasse komme en master Zwart sei ta dat er my ekstra helpe soe. Ik hie der alhiel gjin sin oan, wend as ik wie oan in libben sûnder skoalle, dat it waard neat, ik wie te fier efter rekke. Ik kaam alle dagen mei klachten thús dat mem sei op't lêst tsjin heit: "Wiebe, hâld dy jonge thús, hy wurdt dêr noch gek!"

It wurk begûn moarns om healwei fiven mei it melken fan de fjouwer kij, letter hiene wy ek wolris seis stiks. Om't ik sa jong wie koe'k de amer mei molke net iens yn 'e bus leegje, dat wie te swier en dêrom die ús heit dat. Nei't melken krigen wy in bakje tee en dan nei't lân. As it de tiid foar de blomkoal wie, begûnen wy om trije oere al: wy snijden de koalen dy't er



*Heit Wiebe Kuiper melkt in ko*

oan ta wiene en tearden de blêden fan de oaren der oerhinne. De blomkoalen kamen yn in bak en waarden nei de ein fan it lân sjoud en dêr makken wy se klear foar de ferkeap. Doe't ik wat âlder wie, molk ik ek wolris allinne dan makke ús heit de blomkoalen dien.

Om njoggen oere kamen wy thús foar kofje, dan nochris nei't lân en om 12 oere waarm ite. Middeis trije oere om tee en dêrnei melke. De kij rûnen efter dyk, lykas hast alle kij fan de garnieren yn beide doarpen oan de seedyk, se wiene dêr ynskaard, neamden se dat. In oppasser helle de kij op as it melkerstiid wie, mar ús kij herkenden heit al fan fierren. Hy rôp se en dan kamen se meast as earsten oanrinnen want se wisten dat se in koekje krigen! Nei't bôle iten de jûns, moast ik fuort op bêd, letter waard dat wat oars fansels.

Doe't ik in jier as 14 wie, hie'k sin oan in hynder, soks skeelde wer yn de frachtkosten dêr't heit altiten sa op om eamele. Ik hie't al in pear kear sein en mem foel my by: "Wat seist dêr fan, Wiebe, dat Douwe in hynder ha wol?" "Wy moatte dat hynder wól betelje en ûnderhâlde," sei ús heit dan. Op 't lêst is't der fan kommen dat Jan Botma fan Eanjum, dêr't ús heit alle foeraazje weihelle, ús in hynder besorgje hat. It moat wol in fertroud bistke wêze, sei Botma, want dy jonge moat der mei omgean.



### *De Jister by Peazens bûtendyk*

Dat kloppe, ús heit wie gjin hynderman. De timmerman hat in hynstestâl efter de skuorre boud en doe koe't oangean. Letter ha wy der noch in hynder by kocht, dat stie yn de skuorre. Mei dat blauwe hynderke stode ik mei de griente nei Dokkum ta en dan hie'k in hiele kloft fytsers efter oan de wein hingjen, allegear skoalbern dy't sa maklik yn Dokkum kamen.

Folle ferdivedaasje hiene wy yn dy tiid net. No ja, de knapen, it fraachlearen en de jongeling-feriening dat wie't wol sawat. It heucht my noch dat wy mei de JV in dei mei de bus fuort west ha en nei de oarloch ha'k mei de sjongferiening nei't konkoers yn Leek west, wit ik noch. Ienris yn it jier kaam it hynder foar de luchtbanwein, wy wiene ien fan de earsten dy't sa'n wein yn it doarp hiene, buorman Meindert Jansma, Douwe Jelles, ús heit en ik der op en dan giet it op nei Nes. Dêr krigen wy ús earste slokje yn de kroech en gie de reis nei de kroech yn Wierum en sa gie dat de hiele middei troch fia Ternaard by Pel, nei Holwert en yn Dokkum krigen wy ús lêste slokje. Wy hiene soarge dat wy in melker hiene dat it wie net foar njoggenen de jûns dat ik, as jongste fan it stel, it hapke wer nei dyk ta brocht. Foar ús wie dat in heechtjidei, sa ienris yn it jier. No spile in part fan myn jeugd him ôf yn oarlochstiid fansels, dêr kaam it ek fan, moast rekkenje.





*Douwe Kuiper as  
ruter, op 'e  
eftergrûn it  
âlderhûs*

### **Oarlochstiid**

Om't ik fan '23 bin, siet ik oarlochstiid 'yn de leeftyd' en hie'k my opjaan moatten foar de Arbeidsdienst, mar dêr hie'k gjin sin oan dat ik moast ûnderdûke. Heit hat in hiele dei op en paad west en doe hied er in plakje foar my fûn yn Raard. Dêr siet ik by in widdofrou Elgersma mei trije bern, twa fammen en in soan, midden op 'e romte, fier fan de bewenne wrâld, dat wie in feilich plakje. Dêr moast ik moarns om trije oere begjinne te melken, ik wie ûnderdûker mar moast myn eigen kost fertsjinje. Ik bin dêr wat frjemd weirekke, ik jou ta dat ik doe wat in opljeppen mantsje wie, sette op myn fytske mei de koffer efterop wer nei It Moddergat ta. Dy koffer fertroude ik net rjocht, dat soe tefolle opfalle, dat dy ha'k by in kafee yn Dokkum ôfjûn en bin doe nei hûs fytst. Dêr begrepen se alhiel net wat ik thús moast, sa'n gaadlik plak yn 'e feilige fjilden ûnder Raard en no werom yn Peazens-Moddergat dêr't de Dútsers altiten soldaten hiene yn de herfoarme pastorijsje. Thús koe ik net sliepe, dat wie te gefaarlik, dat doe rekke ik nachts by buorman Marten Skuonmakker yn it bedstee. In oanstearde sweager hat mei in kyltsje de doarkes sa moai tichtmakke dat men it allinne mar iepen meitsje koe as men krekt wist hoe't it moast. De help fan Marten, Sjolle' Tryntsje, mocht fansels net witte dat ik dêr nachts ûnderdak hie.

De Dútsers ha yn dy tiid ek noch op ús heit sketten, dat moat mei de Maaiestaking yn 1943 west ha. It wie doe ferbean om mei mear as fiif minsken byinoar te stean mar der stiene in hiele protte Peazemers en Moddergatsters meiïnoar op 'e hoeke te praten doe't er in auto mei Dútske soldaten oankaam. Elk stode in kant út, de jonge mannen wiene

yn in omsjoch tusken de huzen ferdwûn, mar ús heit wie al wat âlder, rekke it fjild yn en bleau wat yn't sicht fan de Dútsers. Dy draaiden in rútsje fan de auto iepen, skoden in gewearloop dertroch en skeaten op ús heit. De kûgels fleagen him tichteby troch de reiden, mar hy waard lokkich net rekke, soks hyt fan 'door het oog van de naald gekropen'.

Sels ha de Dútsers my ek te pakken hân. Us Klaas en syn maat Kees van der Lei wiene efterdyk, dy wiene ek 'yn 'e leeftyd'. Wy seagen dat twa Dútsers tsjin de kop fan de dyk oan leine dy't har opwachten doe't se weromkamen. Dat like slim, twa jongbazen dy't op't punt stiene oppakt te wurden. Ik sei tsjin de oaren dat ik dy Dútsers wol ôfliede soe en draafde dy kant út. Ik rôp "Doeoe" tsjin dy Dútsers. Dy seagen ris om en kamen doe efter my oan. Ik fuort troch de strijtsjes en stegen fan Moddergat, mar dy mannen wiene tegearre en ik waard de pas ôfsnien. Se namen my mei nei de herfoarme pastorije en dêr waard ik strang ûnderfrege. No hie ik in ferfalske persoansbewiis, mar dat wie sa goed, dêr koene se neat mei. Dat persoansbewiis wie noch regele troch dokter Ruinen fan Ie. Letter is dy noch deasketten by de Wâldwei yn Dokkum. Dy soldaten fregen hyltiten mar wer wannear't ik berne wie, mar ik hold fol wat dêr op't persoansbewiis stie. Doe kamen der noch mear Dútsers by, dy kamen fan De Skâns by Eanjum en dy hiene net sa'n goede namme. Dy my ek wer ûnderfreegje mar ik hold my by de datum op't persoansbewiis. Op't lêst sei ien fan de Eanjumers: "Lit dy jonge dochs gean." Se praten der noch wat op om, doe krige ik in skop ûnder de kont en sei dy Dútser: "Ferschwunde!" Ynwindich waard ik kûgels sa fernedere fiede ik my troch dy skop ûnder de kont, mar lokkich koe ik my ynhâlde en bin nei hûs stapt. Dêr siet it hiele hûs fol want Douwe wie oppakt. Elk woe witte wat der bard wie, mar se wiene fansels tige bliid dat Klaas en Kees de dûns ûntsprongen wiene en ik it der ek ôfswitten hie.

### **Op eigen fuotten**

Yn 1949 binne Klaske, hja kaam ek fan It Moddergat mar dan fan De Oere, en ik troude. Ik ha altiten tsjin ús heit sein dat ik der út gean soe as ik troude, mar dochs hie ús heit plannen mei my. Hy sei op in dei: "Dat spultsje fan Tsjip en Afke komt frij en dêr ha ik de earste keap op. Der is 15 pm lân by en jim kinne it sa krije, jimme binne lyk as jimme dêr op wolle." Dat woe ik perfoarst net, ik hie oare plannen, dat ik sei: "Gean der dan sels mar op, soks is neat foar my." "Witst wol dat der elke sneontemiddei jild op't kleed komme moat, as't troude bist," besocht ús heit noch. Dêr ha'k sels mei red want yn de wike dat wy trouwe soene

bin ik nei Durk Teitsma stapt, in boer tusken It Moddergat en Nes oan de hege Wei, en him frege at er der noch in mantsje by ha koe. Dat koe en doe hie'k in baan. Fan in maat fan my koe'k sinten liene en doe ha wy in húske kocht op 'e Kamp en binne wy tegearre begûn. Myn maat ha'k binnen it jier de 1500 gûne foar it húske werombetelle. Ik hie nammentlik in oandiel yn in foech leanbedriuwke mei Jabik Meinsma en Minne Eelkema. Wy hiene mei syn trijen in trekker en wat ark kocht en ik die it measte wurk as ik by heit op it spultsje mist wurde koe. Klaas wurke doe ommers ek al lang mei, dy hat de legere skoalle trouwens wol ôfmakke.



*De earste trekker*

Lang ha'k net by Durk Teitsma wurke want der wie gauris lijen mei it jild, dat op in moarn ha'k sein dat ik mei kofjetiid rekkenje woe. Teitsma woe't earst net lije, as arbeider praten jo foar in jier ôf by in boer, mar it is dochs trochgien. Hy sei noch: "Wat silst no Douwe, sa midden yn it jier?" "Dêr rêd ik mei," ha'k sein en ik ha thús de moter pakt en bin nei Rienks riden oan de Langgrousterwei (no wennet Wilman dêr). Ik sei tsjin him: "Wat moat dat perseel biten, dêr?" Dat moast trochslein wurde en doe ha ik him sein dat ik dat bêst

oannimme woe. Wy ha in priis ôfpraat en it moast mar oangean. Ik bin weromriden nei't Moddergat en ha myn skoanheit ophelle. Dy wie al ophâlden mei wurkjen mar dat pensjoen wie doe noch net folle, dy woe graach wat byfertsjinje. Wy tegearre op de moter werom nei Rienks en yn de biten.

Doe't wy dêr klear mei wiene, koene wy de biten ek noch op ienen sette, mar dat seach ik net sitten want dat wie ferskriklik smoarch lân, soks koe nea út, dat ik sei tsjin Rienks dat ik nei Binne Viersen moast ûnder Eanjum. Dat wie sa net, mar ik hie dêr in perseel biten sjoen dat ûnderhâld nedich hie. Viersen woe ús graach ha want syn eigen folk hie it fleanende drok mei it hea en sa. Wy ha dat stik biten trochslein, op

ienen set en wiuden. Sa ha wy noch in oantal boeren hân en it gie hyltiten op oannimmen.

### **In leanbedriuw yn Nijtsjerk**

Op dizze wize krige ik wat jild om hannen en ha ik it spul oerkocht fan Sjouke Dijkstra yn Nijtsjerk. Dat moat yn 1953 west ha. Sjouke hie in fuormanderij-leanbedriuw op it Ald Tún 30 (no Durk de Vries), mar hy woe ophâlde om't hy it spultsje oerkocht hie oan de Mûnawei dêr't syn soan Harm Dijkstra no noch wennet. Op dat spultsje wenne earst in Pieter Luinstra en dy krige in pleats tawiisd yn de Noardeast Polder.

It wie eins al wat in gok want dy fuormanderij wie wat ferrûn, ik soe aardich wat materiaal oanskafe moatte, mar notaris Brons hat ús it advys jûn om it dochs mar te dwaan, teminsten "as jo frou wit hoefolle dûbeltsjes der yn in gûne sitte". No, dat wist Klaske wol, se hie allinnich mar legere skoalle mar hat har altiten mei de boekhâlding rêden. De boekhâlder hat har it ien en oar foardien en fierder hat se alles sels beoardere, fan it bestellen en beteljen fan leverânsiers, it útbeteljen fan de jonges, fan rekkens skriuwe oant de belesting ta. Se stie ek foar de húshâlding, yn dy tiid hiene wy ús Hillie al, dy wie berne yn It Moddergat.



Myn ark bestie yn it earstoan út in trekker, wat opstrikerij, in meanmasine, in skodder en dat wie't sawat. Ik die it wurk earst hielendal allinne, pas doe't it wat begûn te rinnen, krige ik der personiel by. It ark koe net by ús op't hiem stean, dêr wie gjin romte, dat stie by Rypke Blom op it hiem. Blom wenne op Ald Tún 16 en dêr't no dy huzen steane, nûmers 12 en 14, stie doe noch neat en dêr mocht myn materiaal stean. Ik die lânwurk foar Rypke en dan ferrekkenen wy dat

mei de hier fan it plak dêr't myn materiaal stie. As wy oan de ein fan de hjerst it materiaal skjin hiene en neisjoen, brochten wy dat by ús mem yn de skuorre op It Moddergat. Dêr stie dat dan de hiele winter oant wy dat by't maitiid wer nedich hiene.

Dat begûn mei it lân klearmeitsjen. Der wiene dagen dan hiene wy twa trekkers dy't nacht en dei trochrieden mei ôfwikseljende sjauffeurs, sels ha'k gauris nachts trochwurke en kaam ik betiden in wike net út 'e klean. Dêrnei kaam it meanen en persen, mar it drokste hiene wy it mei it ierdappelroaien. Koe ik it hiele jier troch it wurk mei fjouwer man oan (der ha hiel wat jonges by my yn't wurk west: Pope Meinsma, Jentsje Weidenaar, Durk van der Veen, Klaas Poutsma, Klaas Wijnsma, Sietse en Melle Blom, Jetse Wiersma en syn jonges en gean sa mar troch), by't hjerst hie'k net mear as twa man dy't it ark neiseagen en skjin makken, mar yn de ierdappelroaierstiid hie'k betiden 12 man yn aksje en dat oer in perioade fan in wike as seis, sân lang.

Dat wy it dan sa drok hiene, kaam om't ik de earste sekke-roaier út de hiele omkriten hie. Dy hie'k kocht by Kruisinga út It Bildt. Hy sei dat Jan Meinsma him nei my tastjoerd hie, Meinsma woe sels myn earste klant wurde. Doe ha Nutte Cuperus (fan It Moddergat) en ik tegearre dy sekke-roaier kocht. Nei ien jier ha'k Nutte syn oanpart oerkocht. Sa'n sekke-roaier wie in hiele foarútgong, foarhinne moast alles mei it grypke dien wurde, nei de oarloch kamen der al trekkers mei lichters, mar it opsykjen barde noch hyltiten op 'e knibbels en dan bakje foar bakje. Dochs wie der yn 't begjin noch wolris wat twifel by de boeren:

soene de ierdappels net blau wurde? Mar ja, as in grutboer as Jan Meinsma syn ierdappels troch Douwe Kuiper mei de sekke-roaier roaie liet, moast it fêst goed spul wêze.



*Douwe Kuiper is net sa grut, hy falt suver wei by dizze grutte trekker. Der sit noch befeiliging op dizze trekker, da's hiel oars as hjoed-de-dei*

Sa hie'k op't lêst trije sekke-roaiers en om't op elke roaier trije as fjouwer man nedich wiene, koe'k sokke tiden 12 man oanstjoere. In fêste regio hie'k net, ik kaam 'oeral' oant yn De Wâlden ta, benammen mei dy roaiers.

Yn it earstoan krigen de boeren ienris yn it jier in rekken fan my, letter waard dat ien kear yn't fearnsjier. Inkeldris woe in boer kontant betelje, mar dat koe net, hie'k ek net oan tiid want ik moast wer nei de folgjende boer. Halbe Vogel woe my perfoarst kontant betelje. Ik woe dat earst net oannimme, ik sei: "Ik wit net iens wannear't ik wer thúskom." "Hoe dat sa," sei er. No ja, it kin bêst wêze dat ik in nacht trochhelje. As it folk nei hûs is, kin ik noch bêst efkes trochsette. Hy koe't him net begripe. Mar jo moatte jo folk dochs ek elke sneon betelje, hoe ha jo dat dan? Dêr rêdt de bank mei, sei ik him, mar hy woe my perfoarst betelje, helle in briefke fan tûzen gûne út it kabinetslaad en dat krige ik mei. Pas oan 'e ein fan dy wike kaam my dat briefke fan tûzen wer yn 't sin dat ik yn it boppebûske fan myn overall dien hie: Klaske bearde al sa raar!

As it al krapperoan kaam mei it jild hie ik altiten myn freon Anders Zwart noch. It is meardere kearen foarkaam dat Klaske sei as ik thúskaam: "Anders hat hjir ek west mei 3000 gûne." Dan hie ik efkes by him oan west en nei't ik myn swierrichheden útlein hie, frege Anders: "Hoefolle moast ha, Douwe?"

Sa ha wy in jier as fiif op it Ald Tún yn in krappe romte omslein foar't wy mear omslach krigen oan de Langgrousterwei....

*Douwe Kuiper sil fierder fertelle mar dat moat mar wachtsje oant de folgjende Doarpsskille.*

RT

# Intocht Sinterklaas 22 nov 2014

*“Het kompas”.*


De stoomboot is onderweg naar Nederland, alles lijkt voor de wind te gaan, de boot vaart lekker, de motor heeft dit jaar eindelijk eens geen kuren, het is niet mistig, kortom het lijkt een goede reis... maar dan!

*Land in zicht!, land in zicht!* roept de uitkijk Piet vanuit het kraaiennest.

Alle Pieten haasten zich naar het dek en zien inderdaad dat er land in zicht is. Ook Sinterklaas meldt zich op het dek, maar hij is iets minder enthousiast dan alle springende Pieten... wat is er aan de hand?

“Waarom kijkt u zo verbaasd Sint?” vraagt de hoofdpiet. “Piet, we zijn veel te vroeg, er klopt er hier iets niet!” zegt Sint.

In de haven aangekomen wordt al snel duidelijk dat er iets verkeerd is gegaan, Sinterklaas had gelijk zoals altijd, ze zijn namelijk niet in Oosternijkerk, maar zijn per ongeluk naar Ameland gevaren, hoe kan dat nou?



Het roer van het schip wordt nagekeken en ook het stuurwiel op de brug wordt opnieuw afgesteld. Al snel wordt duidelijk hoe het kan dat ze naar Ameland zijn gevaren in plaats van naar “de feart” in Easternytsjerk, **het kompas van de stoomboot is kapot!**



Geen paniek, in het magazijn moet nog wel een nieuw kompas liggen, Sinterklaas wil namelijk dat er van alle onderdelen van de stoomboot een reserve onderdeel in het magazijn ligt, op die manier kunnen ze onderweg alles vervangen mocht het stuk gaan, want ze moeten natuurlijk wel op tijd aankomen ieder jaar.

Maar je raadt het al... een reserve kompas, tja die is er natuurlijk niet.

Gelukkig weten de Amelanders de weg naar het vaste land en wijzen “stuurman Piet” de weg.



Op goed geluk en nu wel veel te laat kiest de stoomboot het ruime sop op weg naar Oosternijkerk. Omdat ze al veel te veel tijd hebben verloren vaart de stoomboot door de aarde donkere nacht op weg. Met twee pieten op de uitkijk en twee pieten achter het roer moet het goed gaan.

*Land in zicht! Land in zicht!* Wordt er opnieuw geschreeuwd vanuit het kraaiennest. Zouden ze dan eindelijk in Oosternijkerk zijn?

Maar wat nu weer, er staan géén kinderen te wachten en er klinkt ook géén muziek, OHH NEE... zouden ze opnieuw verkeerd gevaren zijn?

“Verken Piet” wordt erop uitgestuurd, hij komt al





snel terug met, opnieuw, een vreselijk bericht... ze zijn in de haven van Lauwersoog... dus wéér verkeerd.

Gelukkig is Sinterklaas goed op de hoogte en weet dat Lauwersoog niet ver van Oosternijkerk ligt, maar de boot die laten ze maar beter liggen, straks varen ze weer verkeerd... maar wat moeten ze dan?

“Verken Piet” wordt er opnieuw op uit gestuurd er moet een manier worden gezocht om in Oosternijkerk te komen, maar deze keer gaat “Hoofd Piet” mee, **het mag en het kan niet nog een keer misgaan!**

Gelukkig komt “verken Piet” niet al te veel later terug met een raadsel voor Sinterklaas.

Het is geen paard en na vorig jaar gelukkig ook geen snelle motor, want dat ging Sinterklaas veel te snel. “Dat weet ik,” lacht “verken Piet”, “maar het lijkt er wel een beetje op...” “ Nu weet ik wat het niet is, maar wat is het dan wel?” Vraagt Sinterklaas.

“Een TUK TUK Sint!” zegt Hoofdpiet. “Het rijdt, je zit droog en het heeft



geén kompas wat stuk kan gaan, dus zitten en snel naar Oosternijkerk, want nu zijn we wel heel erg laat en alle kinderen wachten waarschijnlijk al in spanning op Sinterklaas.”

Natuurlijk komen Sint en alle Pieten weer veel te laat, gelukkig zijn er een aantal Pieten vooruit

gefietst en kunnen de kinderen vertellen dat Sinterklaas eraan komt.

Het was opnieuw een spannende reis maar.. **Eind goed al goed!**

## Sis mar Pyt

Tsjonge jonge wat is d'r de lêste tiid fiersten te dwaan oer Sinterklaas en mei namme Swarte Pyt. Foaral dy lêste krijt it aardich foar de kiezzen. Dat kin net ien ûntgien wêze. Elk hat d'r wat oer te sizzen. D'r binne foarstanners en tsjinstanners. Frjemd genôch binne de foarstanners (dat alles bliuwt sa't it is) faak fanatiker dan de tsjinstanners. Kom net oan dit ferneamde duo...Tsjja, se wurde faak yn ien adem neamt, binne altyd byinoar en kinne tink ek net sûnder elkoar. En se libben noch lang en gelokkich soenen je sizze, mar dat wurdt dreech, want Swarte Pyt hat syn langste tiid hân liket it wol. Is dat sa en hoe slim is dat?

It is eins net mear fan dizze tiid om in feint te hawwen of de feint fan immen te wêzen. Want dat is Swarte Pyt fan Sinterklaas, syn feint. It wurd wurdt net mear brûkt. Hjoeddeis hast in assistint, dy't dy mei alles helpt. No dêr wurdt it miskien net minder fan: Sinterklaas mei syn assistint Swarte Pyt. It klinkt noch wol nearne op, mar dat moat ek even wenne fansels. No noch de kleur, want ek dat is hiel wichtich yn dizze diskusje. Kin dat, gjin swarte Pyt mear, mar in.. ja wat, in alles-útsein-swarte-as-brúne Pyt.

Ik fyn it prima, lit Swarte Pyt mar wat feroarje. Ik bedoel dat ferhaal, dat hy sabeare swart wurden is omdat hy troch de skoarstien moat is fansels flauwekul. Ien nacht yn it jier, kom no. Oké, hy docht it al wer jierren, mar dan noch. In bytsje better waskje miskien? Nee, Pyt is swart omdat hy yndie in neger útbyldet. Ja dochts? D'r sil oait immen west ha dy tocht dat negers d'r sa útseagen: krolhier, dikke reade lippen en ringen yn de earen. Ik kin my foarstelle dat donkere minsken harren hjir oan ergerje. Foar bern is it ek noflikker as der wat feroaret, binne alle bern eins net in bytsje bang foar in swarte pyt? Ien fan ús eigen bern hat oait doe't dy miskien in jier of seis wie, sûnder erch de doar iepen dien neidat der oanbelle wie; stie dit bern ynienen each yn each mei in swarte pyt. De skrik wie grut en it is ek noait wer goed kaam. Altyd in hekel hân oan swarte piten. Sa sil d'r no ek wol bern wêze dy't yn desimber yn de pine sitte.




Swarte Pyt is trouwens al wat feroare. We binne it al fergetten, mar fyftich jier lyn koest noch yn de sek komme en meinaam wurden nei Spanje ast stout west wiest. Wa wie d'r net bang foar Swarte Pyt eartiids. D'r wienen minsken dy hiene thús foaral yn novimber en begjin desimber de wyn d'r aardich ûnder, omdat se drigen mei Swarte Pyt en syn sek. Ja, dan wiest wol koest.

Mar klear Swarte Pyt is ûndertusken feroare yn in bytsje healwize mar wol leave Pyt, dy't beslist net mear driigjend oer komme wol. Dan no de kleur noch, dat moat kinne. Sinterklaas is al wer yn ús lân en hy hat dit jier foar it earst net allinnich swarte piten meinaam, mar ek tsiispiten, clownspiten, sjerpwafelpiten en roetpiten. No prima dochs. Oer in pear jier binne we dy hiele swarte piten fergetten en bin d'r allinnich noch mar 'oare' piten. Dêr kin net ien him of har oan steure liket my en bern ha d'r net iens erch yn, tink ik. It wurdt gewoan: Sint en (sis mar) Pyt!

AWB

Knutselprogramma 2014/2015				
DAG	DATUM	AKTIVITEIT	TIJD	GROEP
vrijdag	19-dec	dropping	19.30	7,8
woensdag	14-jan	winterknutsel	13,15-14,30	6,7,8
vrijdag	16-jan	winterknutsel	13,00-14,00	1
vrijdag	16-jan	winterknutsel	14.15-15,15	2
vrijdag	16-jan	winterknutsel	15,30-16,30	3,4,5
woensdag	11-mrt	bingo	13,15-14,30	5t/m 8
vrijdag	13-mrt	plaatjesbingo	13,00-14,00	1
vrijdag	13-mrt	plaatjesbingo	14,15-15,15	2
vrijdag	13-mrt	plaatjesbingo	15,30-16,30	3,4
vrijdag	03-apr	paasei zoeken	14.00	1t/m8
woensdag	08-apr	lenteknutsel	13,15-14,30	4,5
woensdag	08-apr	lenteknutsel	14,45-16,00	6,7,8
vrijdag	10-apr	lenteknutsel	13,00-14,00	1
vrijdag	10-apr	lenteknutsel	14,15-15,15	2
vrijdag	10-apr	lenteknutsel	15,30-16,30	3
dinsdag (vrij van school)	09-jun	Afsluiting	14.00	1t/m 8



## Het knutselseizoen is weer begonnen!

We zijn dit seizoen voor alle groepen gestart met het thema Halloween. Er zijn pompoenen geplakt, geknipt, geprikt en gekleurd.



Met de groepen 7 en 8 zijn er zelfs echt pompoenen uitgesneden. Aan de opkomst en reacties achteraf kunnen we stellen dat dit een groot succes was!

## Oproep:


We zijn voor het volgende seizoen nog op zoek naar enthousiaste vrijwilligers die 1 of 2 keer per seizoen een knutsel willen begeleiden.

Lijkt het je leuk? Neem contact op met Christina Douma 0519-518846

Jetty Holwerda



# PUZEL - Sinterklaas



Hallo puzzelaars,

In de vorige Skille stond een raadsel. Deze was lastig, maar als je de huisjes uittekende en de aanwijzingen die je kreeg eronder zette, dan was het te doen. Het juiste antwoord op de vraag:

**Eén iemand heeft een vis. De vraag is: wie?**

moet zijn: de Duitser.


Van links naar rechts:

1 voedsel voor het paard van de Sint - 5 kerstboomversiering -  
6 bevroren dauw - 8 de oudere - 9 speelgoed - 11 koude  
lekkernij - 13 zoete vulling van banketletter - 15 teken van  
waardigheid van de Sint - 17 halsbont - 18 cadeau van de Sint  
21 Raad voor Economische Aangelegenheden -  
23 dierenmond - 24 bron - 25 Organisatie van Amerikaanse  
Staten - 27 tijdperk - 29 slee - 30 eenheid van elektrische  
spanning - 31 verlegen - 33 Economisch-Juridisch - 34  
siersteen - 36 wending - 39 reeds - 40 monster - 43 evenaar -  
45 grote maat in kleding - 46 slaappleats - 47 namelijk -  
48 assistent-econoom - 49 ontkenning - 51 behoeftig -  
53 Eskimowoning - 55 behoeftig persoon - 57 familielid -  
59 Open Universiteit - 61 zeepwater - 62 muis-arm (repetitive  
strain injuries) - 64 Isaias (bijbelboek) - 65 rijdier dat de Sint  
vervoert - 68 ijverig - 71 listig - 72 persoonlijk voornaamwoord  
-73 jaargang - 75 gat in muur - 76 opere citato - 77 telwoord -  
80 noot - 81 hoofddekseel van de Sint - 83 nonsens -  
85 kindervriend.

Van boven naar beneden:

1 vlaktemaat - 2 hoge berg - 3 plaats in Noord-Brabant -  
4 reeks - 5 pap - 7 teek - 8 plaats in België - 10 bovendien -  
12 plaaggeest - 13 kledingstuk - 14 tijdverdrif - 15 bont-  
soort - 16 sprookjesfiguur - 17 strook grond langs de weg -  
19 zangstem - 20 baantje - 22 begrensd gebied - 23 grote zak  
24 Wetenschappelijk Onderwijs - 26 selenium -  
28 voetbalvereniging - 30 operacomponist - 32 plaats in Italië -  
34 grondstof voor de bereiding van chocolade - 35 plaats in  
Gelderland - 37 hert - 38 heldendicht - 41 plaats in Drente -  
42 teken dat Sint en Piet gearriveerd zijn - 43 zet 'm bij de  
schoorsteen - 44 Europese taal - 46 type zeilboot - 50 en  
omstreken - 52 vlinderlarve - 54 Gemeentelijke Sociale Dienst  
56 gemeen - 58 voegwoord - 60 vleesgerecht -  
63 volksvermaak - 66 overal - 67 Rijksweg - 69 rivier in Siberië  
70 teken - 72 gepelde gerst - 74 grap - 77 vrouwelijk dier -  
78 onvruchtbaar - 79 genetisch materiaal - 82 ter inzage -  
84 zie aldaar.

Zet de gevraagde letters over naar het oplossingsbalkje en u  
leest de oplossing van deze puzzel.





*‘Sta op voor kanker’*

Binnen KWF Dongeradeel is een enthousiaste, actieve werkgroep bezig om een

## SAMEN LOOP VOOR HOOP

te organiseren in Dokkum op 12 en 13 juni 2015!  
([facebook.com/samenloopvoorhoopdongeradeel](https://facebook.com/samenloopvoorhoopdongeradeel))

Iedereen heeft in zijn naaste omgeving wel te maken met kanker. We kunnen met z'n allen in Dongeradeel laten zien wat dat voor ons betekent. Een Samen Loop voor Hoop is een inspirerende wandelroute waarbij teams 24 uren lang achtereenvolgende rondes wandelen (hardlopen mag ook). Jong en oud kan meedoen, je loopt naar gelang je aankunt. Mensen kunnen elkaar aflossen zolang er altijd maar één teamlid op de baan staat. Zo kunnen we gezamenlijk toch de 24 uur halen! (voor meer informatie, zie [www.samenloopvoorhoop.nl](http://www.samenloopvoorhoop.nl)).

De werkgroep heeft een kickoff-day waarop folders zullen worden verspreid en een website de lucht in gaat om deelnemers te kunnen werven. Het zou prachtig zijn wanneer dorpen, buurten, wijken, vriendenploegen, sportclubs, scholen, families, gezinnen mee gaan doen!!!

Maar.. om de dag goed te kunnen organiseren en goed te kunnen bemannen zijn nog


## VRIJWILLIGERS NODIG

Binnen de werkgroep zijn een aantal commissies nog niet volledig bezet. Er zijn vrijwilligers nodig om bijv. kaarsenzakken te vullen, gastvrouwen/heren voor de survivors, schoonmakers etc. etc. Er zijn ook mensen nodig die informatie over kanker kunnen geven, de promotiestand voor donateurs willen bemannen (folders zijn beschikbaar).

Heb jij zin om je in te zetten voor deze bijzondere dag? Geef je dan op als vrijwilliger bij : Marianne Mijdam te Liessens, mob. 06 14964020 of email: [pedicure@pedicurefriesland.nl](mailto:pedicure@pedicurefriesland.nl)

Laten we er met z'n allen wat moois van maken!

# PAADWIZER



Doarpsbelang-----	D. Holwerda-----	242212
Groencommissie-----	C. Miedema-----	571173
Doarpshûs De Terp-----	D. Wolsink-----	241486
Foeke Sjoerds Skoalle-----		241530
Protestantse Gemeente .-----	J. Post -----	241816
Koar 'Sjong de Heare'-----	A. v.d. Wagen-----	589243
U.D.I.-----	S. Faber-----	06-22676016
Drumband U.D.I.-----	P. de Boer-----	241230
Bernejster-----	Afke Jongeling-----	241918
Biljertferiening 'De Terp'-----	L. Bergema-----	241704
S.S.S.-----	T. de Groot-----	242334
lisferiening-----	H. Zijlstra-----	241313
Jeugdhonk 't Terpke-----	E. Weidenaar-----	
Doarpsklaverjassen-----	J. Bergmans-----	241754
Klaverjasclub 'Nocht en Wille'-	G. Cuperus-----	241686
Keatsfer. 'De Trije Doarpen--	Yme Braaksma (Niawier) ---	241611
'De Bûnte Flinters'-----	N.Wagenaar- Iedema-----	241777
'Ropta Boys'-----	J.A. Wijma-----	241574
OCO-----	A. van der Heide-----	297986
'Oars Aktyf'-----	H. Dijkstra-----	242085
Knutselen-----	J. Holwerda-----	241980
Dartclub Easternijtsjerk-----	H. Van Dekken-----	241447
'De Laatste Eer'-----	G. Post-de Boer-----	241199
Koersbalvereniging ON-----	A. Wolsink-----	241613
Burenhulpdienst -----	A.Kuiper-Wijtsma -----	241384

## Ynternet:

Nijtsjerk-----	www.Oosternijkerk.com
Skoalle-----	www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl
Ropta Boys-----	www.roptaboys.nl

Moat der wat feroare wurde?

Lit it witte oan Anneke Weidenaar (ynf. op bls. 1)



# AGENDA

---



## November

- 29 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 29 Doarpsskille nr. 168 verschijnt.

## December

- 12 Dorpsklaverjassen in de Terp
- 13 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 19 Dropping voor groep 7 en 8, vanuit it Terpke 19.30 uur
- 21 Muzikaal Krystferhaal UDI
- 22- Kerstvakantiebasisschool
- 27 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 30 Maatjassen in de Terp
- 31/1 Oudjaarsnacht Vuurwerk en de Terp geopend 00.45 uur

## Januari

- 1 Inleveren kopij voor de Doarpsskille
- 7 Inzaming kerstbomen aan de Fiver 13:00-16:00 uur
- 8 Redaksjegearkomste de Doarpsskille
- 10 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 14 Winterknutsel in 't Terpke voor groep 6,7,8
- 16 Winterknutsel in 't Terpke voor groep 1-5
- 24 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 31 Doarpsskille nûmer 169 ferskynt

## Februari

- 7 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein
- 21 UDI haalt papier op. Container aan de Lyts Ein